



PROJECT CREATIEVE EGELVRIENDJES YNSEKTEHOTEL

AST FOAR STIKELBARCHJES SOARGJE WOLST, IS IT BELANGRYK FOAR ÂLLE BISTEN EN YNSEKTEN TE SOARGJEN. MEITSJE DÊROM NO IN YNSEKTEHOTEL YN DYN TÚN OF FOAR BY SKOALLE:

➡ Kies in plakje. Drûch, út de wyn en it leafst mei in bytsje sinne.

➡ Meitsje in stevige basis foar dyn ynsektehotel. Hoe grut makket neat út. Soargje derfoar dat it hotel sa'n 10 oant 15 sm djip is. Dat kin in houten frame wêze of in stevige kiste dêr'tst ferskillende materialen yn pleatse kinst. Sjoch ris oftst wat hast datst op 'e nij brûke kinst. Bygelyks in pallet.



➡ Meitsje ferskillende lagen en fakjes yn dyn hotel. Ferskillende ynsekten hâlde fan ferskillende fersideplakjes. Yn eltse laach of fakje dochst dêrom wat oars.

➡ Folje de fakjes mei dyn sammele materiaal.

- Bamboestokjes of reid: Snij dizze yn stikken fan sa'n 10-15 sm en steapelje se yn 1 fakje netsjes op inoar.
- Folje in fak mei houtblokken of grouwe tûken. Boarje gatten fan ferskillende diameters yn de blokken.
- In oar fak follest mei strie, hea of dinne-apels. Kinst hjir eventueel gaas foar dwaan.
- Kinst ek in fak folje mei stientsjes, skulpen of dingen dy'tst sels yn it bosk fûn hast.

- Houten plankjes of in stevich houten kistje. In houten pallet kinst ek brûke.
- Bamboestokken, reid of tûken
- Strie of hea
- Skulpen, stiennen of dinne-apels
- Hammer/boormasine
- Spikers/skroeven
- Seage



➡ Meitsje it ynsektehotel ekstra moai troch der in dakje op te meitsjen. Dat hâldt ek wetter en focht tsjin.

➡ Set it hotel no op dyn útkeazen plak.



➡ Ta beslút sjochst regelmjittich hoe't it mei dyn hotel giet. As materiaal begjint te rotsjen, kinst dat ferfange. Kinst him fansels ek altyd moaier meitsjen bliuwe. En... binne der al ynsekten op besite??

➡ Makkest foto's? En dielst dyn moaie ynsektehotel mei ús? Sa ynspirearje wy inoar.



TIP: gjin tiid foar in grut hotel? Meitsje dan fan in leech blikje mei tûkjes ien lytse "Bee & Bee".

IN SOAD WILLE!



Leverje dyn eigen stikelbaarchkleurplaat-ûntwerp yn foar yn it "Creatieve Egeltjes" kleurboek www.gewoonleukcreatief.nl



de **Klyster**

